

Nominaasjes Rink van der Veldepriis

Trije skriuwers komme yn ‘e beneaming foar de Rink van der Veldepriis 2018: Willem Schoorstra foar syn roman *De nacht fan Mare*, Geart Tigchelaar foar *Bêste jonge* en Nyk de Vries foar *Renger*. Op freed 15 juny wurdt de Rink van der Veldepriis 2018 útrikt by de Skriuwersarke op ‘e Feanhoop, dêr’t gemeente, stifting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum (FLMD) en It Fryske Gea dan in mienskiplik evenemint organisearje. De priis wurdt sûnt 2004 ien kear yn de twa jier útrikt oan de skriuwer fan it boek dat skreaun is yn it Frysk of yn ien fan de Fryske streektaal en it bêste oanslút op it wurk fan Rink van der Velde. Dêrneist moat it boek skreaun wêze foar in breed lêzerspublyk. De winner kriget in byld fan keunstner Anne Woudwijk en in jildpriis fan 2000 euro, beskikber steld troch it FLMD. Yn *Breeduit* binne fraachpetearen mei de trije nominearren te lêzen. As lêste mei Willem Schoorstra.

Willem Schoorstra: ‘In oar syn sin jaan jout macht. In subtyl soart fan macht. Omdatst dêrmei in oar oan dy bynst.’

Willem Schoorstra waard berne yn 1959 yn Ternaard, it doarp dêr’t er ek opgroeide. Hy folge de LTS en wurket sûnt de jierren tachtich as teamlieder by de Dokkumer Vlaggen Centrale. Hy is troud en hat trije bern. Yn 2001 debutearre er mei de dichtbondel *Ynwijing*. It jier derop ferskynde de ferhalebondel *Berjochten út Babel*. Dêrnei ferskynden in fiiftal romans: *Swarde ingels* (2004), *De ôfrekken* (2007), *Rêdbâd; Kronyk fan in kening* (2011), *Pier; De profesij fan bline Simen* (2015) en yn 2017 kaam *De nacht fan Mare* út. Dat boek giet oer Mare en Thomas dy’t inoar tsjinkomme by in konsert fan Herman Brood yn de Prinsetún yn Ljouwert. Se krije in relaasje, dy’t net altyd maklik ferrint. Tema fan it boek is ferslaving en de gefolgen dêrfan. Willem Schoorstra publisearret ek geregeld yn literêre tydskriften. Sûnt 2015 hat er in wyklikse kollum op Omrop Fryslân. Foar de roman *Swarde ingels* ûntfong Schoorstra yn 2005 de Fedde Schurerpriis.

Dyn boek *De nacht fan Mare* giet oer in relaasje dy’t tekene wurdt troch macht en ferslaving. Op side 142 stiet de sin: ‘In oar syn sin jaan jout macht. In subtyl soart fan macht.’ Kinst dat útlizze?
‘Omdatst dêrmei ien oan dy bynst. Ek al hat it derfan datst dysels fuortsiferest. Bringst in bân ta stân dy’tst sels ek wer

manipulearje kinst.’
Do hast sels it konsert fan Herman Brood yn 1978 yn de Prinsetún meimakke. Hoe wie dat?
‘Oerweldigjend. De hiele Prinsetún grôtfol minsken, Herman Brood op it hichtepunt fan syn karriêre... Op ien of oare wize hat it my mei foarme. Dat konsert fuorre it bewustwêzen fan datst altyd dyn eigen paad sykje moatst, gjin konsesjes oan oaren dwaan. De geast fan rock ‘n roll dy’t yn my fearn is, wierskynlik.’

Do silst op fersyk fan Boeken fan Fryslân it Fryske Kadoboek 2019 skriuwe. Kinst al yn it koart oanjaan wêr’t it boek oer gean sil?
‘Ja, dat kin wol. Mar ik doch it net. It iennichste dat ik kwyt wol is dat it beslist gjin tradisjoneel Kadoboek wurdt.’

Bist ek mei oar nij skriuwwurk dwaande?
‘Ik wie yndie mei nij wurk dwaande, in psychologyske thriller. Dat leit no lykwols stil. Want behalve it skriuwen fan it Kadoboek set ik ek de *Poëtyske Edda* oer. In hûd fol wurk, mar ek wurk dat in protte foldwaning jout, in bysûnder projekt. Dan binne der noch de omballings fan de Nederlânske oersetting fan *Rêdbâd*, dy’t ein juny útkomme sil by Het Nieuwe Kanaal. Machtich moai, fansels. En o ja, ek noch in werprininge fan de Fryske ferzy!’

Ein juny, begjin july wurdt it iepenloftspul *Rêdbâd* yn de teatertún

Schietsportvereniging Drachten viert zilveren jubileum

Zaterdag 26 mei heeft de Schietsportvereniging Drachten aan de Sportlaan het 25-jarig bestaan gevierd.

Sv Drachten is opgericht in 1992 door een handvol bevriende schutters. Voor het in het gebruik nemen van het huidige moderne schietsportcentrum aan de Sportlaan 13, werd gebruik gemaakt van de voormalige schietbaan bij Katlijk, die eigendom was van de politie in Heerenveen.

Momenteel heeft de vereniging 385 leden, en is hiermee de grootste schietsportvereniging van het noorden en is aangesloten sinds 1993 bij de KNSA.



Foto: K. Stienstra

Op 7 juli a.s. is er weer een open dag voor belangstellenden met vele schietsport activiteiten.
Meer info bij K.Stienstra, www.svdrachten.nl



Willem Schoorstra by de presintaasje fan ‘De nacht fan Mare’.

fan Broeksterwâld opfierd. Wat kinst dêroer fertelle?
‘Dat it in grutte produksje is. Mear as hûndert minsken dy’t meidogge. En dat alles sa autentyk mooglik hâlden wurdt. Hynders, boaten, gefjochten: spektakel is bewissige. Mar der sitte ek mystike eleminten yn, frjemde rituelen, goaden en skikgoadinnen, goadefroulju en goademanlju, folle net genôch. Behalve in stik echte Fryske skiednis is it oars ek in ferhaal oer leafde en freonskip, oer saken dy’t bytiden de dea oerstige. *Rêdbâd* it iepenloftspul lit sjen dat de

wrâld en de minske troch de iuwen hinne net feroarje: ekonomy, religy, ymperialisme en represje slaan ivich en altyd foar master op. Dat gegeven makket it stik tige aktueel, ek al spilet it him yn de iere midsiuwen ôf. Fierders wurdt it opfierd yn de moaiste teatertún fan Fryslân, dy fan Broeksterwâld, en is der in geweldige, jonge en entûsjaste ploech oer gear. De reguliere foarstellings binne al útferkocht, en ek de kaarten foar de ekstra foarstellings gean rap fuort. Wês derby salang’t it noch kin!’

Tekst: Hedwig Terpstra

Eerste editie BALK festival in De Lawei



Zondag 27 mei vond het eerste BALK Festival Noord plaats in de Lawei. Tijdens dit festival kon het publiek genieten van 24 topkoren en vocal groups, die lichte muziek op hun repertoire hebben .

Een deskundige jury beoordeelde het optreden. Alle koren kregen een juryrapport. De organisatie van dit festival was

in handen van Solid Sound Pop Vocals uit Drachten in samenwerking met BALK ((Bond voor Amateurmuziektheater en Lichte Koormuziek)

Op de foto van Harry van der Linde het organiserende koor Solid Sound Pop Vocals tijdens hun optreden op dit succesvolle festival.

v.v. ONT actief bij Turfrace Smallerland

Voetbalvereniging ONT organiseerde vrijdagavond 25 mei een bijzondere seizoensafsluiting voor haar jongste leden. Omdat de vereniging uit Opeinde tijdens de turfrace Smallerland één van de sponsors was van skûtsje De Eenvoud (met een grotendeels Opeinder bemanning), werd vlakbij de passantenhaven in het centrum van Drachten een spelavond gehouden.

Liefst 66 ONT spelers en speelsters en 30 ‘broertjes en zusjes’ speelden in groepjes een spelcircuit met o.a. beachvoetbal, veldvoetbal, springkussen en een pannakooi. Ook werden ze getrakteerd op patat en ranja verzorgd door dagbe-

steding WIL. Dit alles onder leiding van (vertrekkend) JO8-JO9 hoofdtrainer Leo Tiggelman, die daarbij werd geholpen door 10 ONT spelers uit de MO15, MO17 en JO19.

De avond werd rond 20.15 uur afgesloten met een “fotoshoot” van de ONT pupillen op skûtsje De Eenvoud. Zoals het hoort op een schip moesten alle kinderen eerst aan schipper Remie de Boer toestemming vragen om aan boord te komen. Overigens eindigde ‘De Eenvoud’, als snelste deelnemer van Smallerland, achter Workum en Wommels op 3e plaats tijdens de turfrace.